

met de kracht
van **VROUWEN**
de leefomgeving
versterken

Maaie 2022

**De maitiid, de tiid fan it jier dat it grien wol griener
as grien liket! In hearlike tiid om te kuierjen, te
fytsen, of fan út de auto wei om dy hinne te sjen:
moaie blauwe loftten stekke ôf tsjin grien en giel,
fûgels ha it drok, de natoer lit har hearre.**



Ek wy litte ús efkes hearre!

Nei in kalme start mei de lêzing oer de Grannies en de film Forrest Gump, is it no tiid foar de útsetter fan it jier. En wat foar in útsetter!

Wy noegje jim hjirby út foar ús Jiergearkomste XXL op tiisdei 31 maaie.

De Jiergearkomsten binne troch koroana net trochgongen yn jannewaris 2021 en jannewaris 2022 en dêrom dogge wy no beide yn ien kear.

Wy hâlde dizze gearkomste by *De Wartenster yn Warten*, Midsbuorren 7 en begjinne om 16.00 oere.

Dan is der ûntfangst mei kofje of tee en sille wy likernôch 16.15 oere los mei it bepraten en ôfsluten fan de jierren 2020 en 2021.

Mar....

allinnich dêrfoar geane wy fansels net nei Warten, wy wolle ek hiel graach wer ris efkes gesellich byelkoar wêze!

Nei it offisjele diel hawwe wy in borrel en is der tiid foar wat fertier.

Om goed 18 oere sille wy dêr dan mei elkoar pizza ite.

Wy ha der in soad sin oan, wy hoopje jim ek! It soe fijn wêze jim allegear wer te sjen. De bijdrage yn de kosten hjirfoar is €10,- p.p., kofje, tee en it iten sit derby yn, dat kin yn Warten oan ús betelle wurde. Oare konsumpsjes binne foar eigen rekken.

Komme jim op 31 maaie nei De Wartenster?

Jou jim dan op foar 24 maaie, leafst per mail, fia giestmei@gmail.com.

Skilje of appen mei ek. Wilma is te berikken op **0566-602506 of 06 40 94 04 44**



Wy kinne op de fyts of mei de auto nei Warten.
As jim graach meiride wolle, lit ús dat dan witte
by de opjefte.

Ek froulju dy't wol ride wolle, jou dit dan ek
efkes troch by opjefte.

Fertrek nei Warten is om 15.40 oere by de Welp.

Gezocht: Denktanklid!

Jantsje hat oanjûn y.f.m. in protte oare drokte de Denktank te ferlitten en wy binne no op syk nei in opfolchster.

Wa wol in skoftke mei ús oparbeidzje?

It is in leuke funksje, it is net dreech en mei elkoar kinne wy hiel wat! Twifelje net, belje of mail efkes mei ien fan ús om te hearren oft it wat foar dy is.

Grut Oerlis

Yn de oanrin nei it nije jier wolle wy alle leden fan ús ynteressegroepen en alle oare leden mei in funksje, lykas oanjûn yn it organogram, útnoegje foar in gearkomste op **20 juny om 19.45 oere yn it Lokaal.**

Wy wolle dan efkes mei elkoar fan gedachten wikselje, de puntjes wer op de i sette en ôfspraken meitsje foar 2022-2023.

Reminder:

De grannies yn Oeganda meitsje û.o ek moaie kleurrike kaarten dy't hjir ferkocht wurde. Om dat dwaan te kinnen hawwe sy o sa'n ferlet fan restjes borduerjern.

Ha jim noch wat te lizzen?

Bring it dan by Wilma op de Buorren 4,

dan soargje wy dat it te plak komt!

Alle borduerjern is wolkom!

